



Liturgy foar de dooptsjinst fan

Sare Janne Marijn de Haan
&
Jelle Sietze Schilstra



Snein 22 maaie 2022
om 9.30 oere yn de Martinitsjerke fan Easterein



Nicolette Vlaming, Foargonger
Balt de Vries, Oargel
Geert Dijkstra, Koster
Thijs Janssen, Technyk
Hiltsje Cnossen, Tineke Meijer,
Wilma Overal, Marte Room, Wilhelmina

Ús broerke yn 'e widze
einlings is it safier
Wat bisto bysûnder
en wat binne wy blier

Dyn hantsjes yn ús hannen
Sa geane wy op wei
As broers en sus troch it libben
Die ferbining bliuwt der, eltse dei

Dikke tút fan Jitze Gerrit en Janne Talita

~ Tekst bertekaartsje Jelle Sietze ~

It libben fiere
Oantinkens fange
Lok diele
Glinsterings meitsje
Tegearre de wrâld
Mei leafde reitsje

~ Tekst bertekaartsje Sare ~



Wilhelmina mei 'Groot is uw trouw' (liet 885)

Wurd fan wolkom en meidielings

Momint fan stilte

Yntochtsliet: 'Wêr'st ek bist op dizze ierde'

1. Wêrst ek bist op dizze ierde,
yn 'e stêd as by de kij,
eltse dei is der nij libben,
skynt de sinne wer opnij.
Eltse dei in nije kâns,
om opnij op wei te gean
en te sykjen nei it wûnder,
nei in God yn ús bestean.
2. Wêrst ek bist op dizze ierde,
yn 'e stêd as by de kij,
tusken haat as tusken leafde,
skynt de sinne wer opnij.
Eltse dei in nije kâns,
't wurd fan Kristus te ferstean.
Troch de eagen fan de oare,
sjocht de Hear ús altyd gean.

Bemoediging en groet

Liet 978: 1 en 3

1. Oan Jo beheart, o Hear, de ierde
mei al har deistich wol en wee,
de greiden, bosken en rivieren,
it fêstelân, de wiffe see.
Ja, alles tsjûget dei en nacht
fan jo ûnmjitbere skeppingsmacht.
3. Gij hebt de bloemen op de velden
met koninklijke pracht bekleed.
De zorgeloze vogels melden
dat Gij uw schepping niet vergeet.
't Is alles een gelijkenis
van meer dan aards geheimenis.

Kyrie gebed

Lied 413: 1, 2 en 3

1. Grote God, wij loven U,
Heer, o sterkste aller sterken!
Heel de wereld buigt voor U
en bewondert uwe werken.
Die Gij waart te allen tijd,
blijft Gij ook in eeuwigheid.
2. Alles wat U prijzen kan,
U, de Eeuwige, ongeziene,
looft uw liefde en zingt ervan.
Alle engelen, die U dienen,
roepen U nooit lovensmoe:
'Heilig, heilig, heilig' toe!
3. Heer, ontferm u over ons,
open uwe vaderarmen,
stort uw zegen over ons,
neem ons op in uw erbarmen.
Eeuwig blijft uw trouw bestaan
laat ons niet verloren gaan.



Tsjinst fan de doop

Yntocht fan de dopelingen ûnder it sjongen
Sare troch tante Sandra en Jelle Sietze troch pake Gep.

Liet 79 'Geroepen om te zingen': 1, 2, 3 en 4

1. Dyn âlden, dyn mem ha dy winske,
dêr hearsto al hielendal by,
mar folle mear fleurige minsken
woll' dit feest hjir hjoed fiere mei dy.

Refrein:

In namme is dy jûn
mar do krijst der ien by ta dyn treast,
want do wurdst hjoed doopt
yn de namme fan God,
ja, fan Heit, Soan en Hillige Geast.

2. Do bist al in skofke op ierde.
 Dyn namme is ús net mear frjemd,
 mar hjoed meie wy it ek fiere,
 dat God fan dy hâldt en dy ken.
Refrein

3. Bist no noch mar lyts, leave poppe,
 mar aanst groeisto op en wurdst grut,
 dan sille de minsken dy roppe
 en God ropt dy ek troch syn wurd.
Refrein

4. Wês wolkom, wês wolkom yn tsjerke.
 Wy roppe dy ta: Hearst der by!
 It doopwetter hat dy hjoed merke.
 Gods namme klonk mei die fan dy.
Refrein

ûnderwizing

Presintaasje

Fraach oan de âlden

Doopebed

Liet 344: 1, 2 en 3

1. Ja, wy leauwe ien en mien
 yn de namme
 fan God dy't Hear is, oars gjinien.
 Amen, amen.

2. Ja, wy leauwe yn ús Hear,
 Jezus Kristus,
 dy't stoarn is en wer opstien is.
 Halleluja!

3. Ja, wy leauwe dat de Geast
 ek op 't heden
 de minske en de wrâld genêst.
 Frede, frede.

De bern meie nei foaren komme

It doopfont wurdt ûnder it sjongen fold troch Jitze Gerrit en Janne Talita

Liet 675: 1 en 2

1. Geest van hierboven,
leer ons geloven,
hopen, liefhebben door uw kracht!
Hemelse Vrede,
deel U nu mede
aan een wereld die U verwacht!
Wij mogen zingen
van grote dingen,
als wij ontvangen
al ons verlangen,
met Christus opgestaan. Halleluja!
Eeuwigheidsleven
zal Hij ons geven,
als wij herboren
Hem toebehoren,
die ons is voorgegaan Halleluja!
2. Wat kan ons schaden,
wat van U scheiden,
Liefde die ons hebt liefgehad?
Niets is ten kwade,
wat wij ook lijden,
Gij houdt ons bij de hand gevat.
Gij hebt de zege
voor ons verkregen,
Gij zult op aarde
de macht aanvaarden
en onze koning zijn. Halleluja!
Gij, onze Here,
doet triomferen
die naar U heten
en in U weten,
dat wij Gods zonen zijn. Halleluja!

Doop fan Sare

Oanstekken fan de doopkears troch Sanne en Janke
Ja-wurd troch de mem fan Sare

Jitze Gerrit en Janne Talita sjonge '**Ik sil sliepe leave Hear**'

Doop fan Jelle Sietze

Oanstekken fan de doopkears troch Jitze Gerrit en Janke
Ja-wurd troch de heit en mem fan Jelle Sietze

Gedicht troch beppe Anna Joke

Ferwolkoming troch de gemeente

F: Gemeente, draag Sare en Jelle Sietze in uw gebeden en ga met hen
op weg naar Gods toekomst.

**G: Wolkom, bern fan God, Wolkom yn de tsjerke fan Kristus, oeral op
de wrâld en yn ús midden.**

Skrieuwen yn it doopboek troch Janke ûnder it sjongen



Liet 934: 1,2 en 3

1. Ik bin in namme, nij foar dy.
Ik bin dyn God, ik bin derby
as skaad dat meigiet wêr'tsto bist,
ek troch woestyn en wyldernis.
2. Ik bin der asto laitsje kinst.
Ik bin der ast yn 't tsjuster rinst.
Ik bin der yn dyn heechste sang
en ast fertrietlik bist of bang.
3. Ik bin it paad dêr'tsto op giest.
Ik bin der ast de moed ferliest.
Ik sil der wêze as dyn brea.
Ik bin yn libben
en yn dea dyn freon.

Bern nei de bernetsjinst ûnder it sjongen fan:

'Jezus is de goede herder' van Elly en Rikkert

Refrein:

Jezus is de goede herder,
Jezus Hij is overal,
Jezus is de goede herder,
brengt mij veilig naar de stal.

Als je 's avonds niet kunt slapen,
als je bang in 't donker bent,
denk dan eens aan al die schapen
die de Heer bij name kent.

Refrein

En wanneer je soms alleen bent
en je hart is vol verdriet,
denk dan aan de goede herder
Hij vergeet Zijn schaapjes niet.

Refrein

Gebed by de iepening fan it Wurd

Skriflêzing Genesis 18: 1-16 troch Hedwich en Mare Kooistra

Psalm 105: 1 en 2

1. Loovje de Hear, kom, lit ús sjonge
in tankliet om wat wy ûntfongen.
Al wa't de Heare siket, kom
en rop syn namme en deden om.
Haw wille oan Him en sjong dêr dan
mei blide herten psalmen fan.
2. Sykje de Hear en lit jim riede,
mei rjocht en krêft woe Hy jim liede.
Tink oan de wûnders dy't Hy die,
syn oardiel, dat rjochtfeardich wie,
folk dat as foarfaar Abram hat,
Israel, troch Him útferkard.

Oertinking

Oargelspul

Psalm 105: 3 en 4

3. Hy is de Heare, Hy allinne.
Syn rjocht giet oer de ierde hinne.
Syn wurd stiet fêst, elk nij geslacht,
nimt syn geboaden trou yn acht.
't Ferbûn mei Abraham, syn freon,
is troch de iuwen jildich bleaun.
4. Hy hat it Abraham ûnthjitten,
oan Izaäk liet Hy it witte,
Jakob hat yn 'e djipste need
syn hoop beholden troch Gods eed:
'Ik bring dyn bern mei sterke hân
nei Kanaän, myn hillich lân.'

De bern komme werom fan de bernetsjinst

Tanksizzing en foarbeden, ôfslúte mei

'Us Heit'

Us Heit yn 'e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo Keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde op ierde
like goed as yn 'e himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea
En ferjou ús ús skulden
sa 't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe
En lit ús net yn fersiking komme
mar ferlos ús fan 'e kweade.
Want jowes is it Keninkryk
En de krêft en de hearlikheid
Oant yn ivichheid.

Amen

Ynsamling fan de jeften ûnder it spyljen fan Balt de Vries en Tineke Meijer
'Die Anmut' fan Georg Philipp Telemann.

Slotlied Lied 79 út Evangelische liedbundel: 1, 2 en 3

1. Vrede zij u,
vrede zij u,
gelijk mij de Vader zond,
zend ik ook u.
Vrede zij u,
vrede zij u,
gelijk mij de Vader zond,
zend ik ook u.
2. Blijf in mijn vrede,
blijf in mij,
mijn woord moet in u zijn,
dat maakt u vrij.
Blijf in mijn vrede,
blijf in mij,
mijn woord moet in u zijn,
dat maakt u vrij.
3. Ontvangt mijn Geest,
Heilige Geest,
Hij zal u leiden,
weest niet bevreesd.
Ontvangt mijn Geest,
Heilige Geest,
Hij zal u leiden,
weest niet bevreesd.

Útstjoering en Seine

Sjongen **Amen**



Wilhelmina mei 'Richmond' (liet 870)





It is in wûnder
seit it hert
It is in grutte ferantwurdig
seit it ferstân
It binne protte soargen
seit de eangst
It is in geskink fan God
seit it leauwen
It is ús grutste lok
seit de leafde
It binne ús leave bern
sizze wy



Tige tank foar jimme kommen.
Nei de tsjinst stiet der efter yn de tsjerke
kofje mei wat lekkers klear.